

Tekst 1

Emansipaasje is net foar bange minsken

Rob Tielman draacht syn persoanlik argyf fan de homo-lesbyske beweging oer oan Tresoar yn Ljouwert. Hy en syn partner Herman Beks wenje yn de âld-pastorij fan Molkwar. It petear mei him giet oer syn libben en syn wurk, syn tinkbylden en syn idealen: in wrâld dêr't plak is foar elkenien.

(1) De oerdracht fan it argyf fan de homo-lesbyske beweging koe pas wêze nei't Tielman alles út dat argyfsels yn de goede kontekst pleatst
5 hie, want hy hat graach de rezjy yn hannen. "Folle belangriker is dat it argyf mei iepen earms ûntfongen wurdt en dat dêr in bepaalde filosofy achter sit. En ien fan de fertsjinsten
10 fan Tresoar is dat de Fryske identiteit op in hiel iepen wize ynterpretearre wurdt. Men kin ek Frysk wêze as men net yn Fryslân berne is. Men kin der bewust foar kieze om te
15 'ferfryskjen' en dat haw ik dien. Dêrom past myn argyf by Tresoar."
(2) Tielman (Hilversum, 1946) hat him altyd ynspand foar de homo-emansipaasje yn Nederlân, ûnder
20 oare by de homo-emansipaasjeferiening COC. Dochs is er gjin aktivist, mar in man dy't operearret achter de kûlissen. Hy komt nea op de barrikaden. "Ik hâld net fan
25 tsjûgenisetyk, dat men allerhanne dingen ropt sûnder oer de gefolgen nei te tinken. Ik bin mear fan it poldermodel. Dat model liedt derta dat alle belutsenen om de tafel sitte;
30 mei-inoar in oplossing betinke dy't foar elk akseptabel is. Yn de sosjology wurdt dat wol it wolbegrepen eigenbelang neamd. Wy hawwe der allegear belang by dat
35 minderheden net diskriminearre wurde omdat wy allegear diel útmeitsje fan in minderheid, ek al

binne dat mar linkshannigen of readhierrigen. Men is as mienskip
40 like sterk as de swakste skeakel."
(3) It soe Tielman syn mantra wêze kinne, al past soks net sa goed by in humanist. Identiteit, dy hast net, dêr kiest foar. En út syn eigen famyljeskiednis wei falt der ek hiel wat te
45 kiezen: syn heit kaam út in anty-godstsjinstige, reade Grinzer famylje. De famylje fan syn mem bestie út ta it katolisisme bekearde Joaden. Yn
50 de oarloch hienen se beide wol in knoei krigen. Heit kaam handikapt werom út in Dútsk wurkkamp en mem ûntkaam as roomske Joadinne mei in net-Joadske heit oan de
55 Joadeferfolging. Nei de oarloch kamen se yn Hilversum foarinoar oer te wenjen en dwers troch de pylders fan de 'verzuiling' hinne krigen se kunde oan elkoar. It houlik wie in
60 'moetje'. "Us roomske pake, de heit fan ús mem, hie sein: 'Der mei troude wurde, mar dat bern komt myn hûs net yn.' Myn muoikes slepten my dochs mei en sa is it gongen, ik wie
65 fjouwer jier, dat ús pake deryn kaam en rôp: 'Wat moat dát dêr!' Ik wie in ding wurden en waard fuort troch hystearysk gûlende muoikes it hûs út brocht.
70 Ik bin opgroeid mei ûntkenning. It heucht my noch hiel goed dat ús beppe fan memmekant sei: 'Lit noait skine datst Joadsk bist.' Ik hie der doe noch gjin aan fan wat dat wie,

75 mar ik waard opskipe mei wat ik fuortstopje moast.”

(4) Mei de ûntdekking fan syn homoseksualiteit waard it der net makliker op. “Yn myn jongste oantinkens frege
80 ik oan ús mem wêrom’t jonges net mei jonges trouwe kinne. Ut har reaksje makke ik op dat ik dat soarte fan fragen better net stelle koe. Ik haw it dêrnei gewoan ferkrongen en
85 pas doe’t ik studearre, gong it stadich yn my del dat ik homo wie. Ik wenne yn Nijmegen by in hospita en dy hie in soan fan 16. Ik wie 18, mar hy wie seksueel folle fierder as ik. Hy hat my
90 ferlaat en alle keunstjes fan de seksualiteit leard. Oant syn mem der achterkaam. Dat late ta in ôfgryslík drama. Sy rôp allerhanne ferskriklike dingen oer homoseksualiteit en eins
95 wie it pas op dat stuit dat ik tocht: Ja, ik bin homo. Dat kaam bot oan. Ik hie ek alhiel gjin identifikaasjemooglikheden. Dat wat ik dien haw, is yn in pear moanne sa’n bytsje alles lêze
100 wat oer homoseksualiteit ferskynd wie. Dat neam ik in typysk yntellektuële oanpak; yn plak fan seksuële kontakten te sykjen, begûn ik te lêzen.”

105 **(5)** “Doe’t ik 21 waard, bin ik lid wurden fan it COC. Dat wie in hiel nuvere wrâld; minsken brûkten noch skûlnammen, dy âldere generaasje hie in dûbellibben en hâlde him stil
110 om gjin wjerstân op te roppen. Mar dy wjerstân, dêr moat men krekt trochhinne om lykberjochting te krijen. Ik kaam dêr mei Benno Premsele yn ’e kunde, de foarsitter
115 fan it COC. Hy wie iepen oer syn homoseksualiteit en wie foar my in positive identifikaasjemooglikheid. Immen dy’t as Joad ûnderdûkt west hie en nei de oarloch neat mear te
120 ferliezen hie en him dêrnei ynsette foar de homobeweging. Hy is eins

myn twadde heit wurden. Wy fûnen al dat it COC fernije moast, mar sûnder dat it ta in brek liede soe tusken de
125 âlde en de nije leden. Premsele en ik hawwe der mei sin nei stribbe om mei oaren yn petear te gean en dy hawwe wy fûn. Wy hawwe oansluting socht by minsken yn deselde po-
130 sysje. Dy fûnen wy yn de frouljusbeweging en yn de humanistyske beweging. En wy sochten mei sin de publisiteit. Ik wit noch goed, nei myn alderearste televyzje-optreden, dat ik
135 op ’e dyk rûn en tocht: Al dy minsken hawwe my sjen kinnen en witte no dat ik homo bin. Dat wie wat yn dy tiid. Mar ik sis altyd mar, demokrasy is net foar bange minsken en emansi-
140 paasje alhiel net. Myn ûnderfining is dat as men minsken ridlik yn ’e mjitte komt, de kâns grut is dat men ek ridlik benadere wurdt. As humanist haw ik folle faker lêst hân fan fijan-
145 nigers as yn myn hoedanichheid fan homo. Ek omdat ik foar myn gefoel allinnich mar opkaam foar in ridlik rjocht, nammentlik om te hâlden fan de minsken fan wa’tst hâlde wolst.
150 Wat is der no op de leafde tsjin?”

(6) In oar ridlik rjocht is it opkommen fan de Friezen om de eigen taal te praten. “Nijkommers ried ik oan om sa gau mooglik it Frysk ferstean te
155 learen en foar de rest moatst dy earst mar ris stilhâlde. Doe’t ik foar it earst nei in gearkomste fan doarpsbelang gong, sei myn partner Herman: ‘Bek hâlde!’ Dat haw ik dien, wol trije
160 gearkomsten lang! Men moat as nijkommer net miene dat men it better wit.”

It bringt ús op de betsjutting fan taal en skiednis foar de identiteit. “It
165 treurige wie eins dat jonge homo’s yn de jierren ’60 neat wisten fan harren eigen skiednis. Dat Alexander de Grutte en kening-steedhâlder Willem

III homo wienen, waard deaswijd. Der
170 wienen ek net echt wurden foar. It
begryp ‘homoseksueel’ is pas ein
njoggentjinde ieu ta stân kommen.
Dêrfoar bestie it gedrach fansels wol,
mar der wie gjin wurd foar. Dat jout
175 fuort oan dat taal foar identiteits-
ûntwikkeling ôfgrysliek belangryk is.
Dat is ek foar de Fryske kultuer sa,
men moat jin hieltyd bewust wêze fan
it belang fan taal. It Frysk is foar de
180 Fryske kultuer essinsjeel. Itselde jildt
foar homoseksualiteit. It feit dat der
gjin wurden wienen dêr’t men jin
neutraal, lit stean posityf oer homo-
seksualiteit yn uterje koe, wie hiel
185 belangryk. It COC hat dus ek hiel
bewust oan taalfoarming dien. Sa
akseptearje ik it wurd ‘homohoulik’
net. Der is ien houlik en dat stiet
iepen foar manlju dy’t mei froulju
190 trouwe wolle, manlju dy’t mei manlju
trouwe wolle en froulju dy’t mei
froulju trouwe wolle. Men moat dus
net akseptearje dat it wurd homo in
negative klank krijt, dat it in skelwurd
195 wurdt.”

(7) Wat dat oangiet hat de beweging
op it stuit hâlden en kearen. ‘Homo’
is op skoalpleinen in skelwurd en foar
homostellen is it net altyd feilich har
200 yn it iepenbier as homo sjen te litten.
“Wy hawwe foaral problemen mei
Marokkaanske jonges. Homofilen en
lesbiënneren foarmje in doelwyt en dêr
moat wat oan dien wurde. Neffens
205 my komt it binnen de Berberkultuer
ek wol foar dat jonges en manlju
seks hawwe mei elkoar. It wurdt
allinnich net beneamd. It giet der net
om dat se yn Nederlân net yntegrear-
je, se yntegrearje better as bygelyks
210 Sinezen en Turken. Dy hawwe in hiel
sterke kulturele bining. Berbers
hawwe gjin skreaune taal; se hawwe
allinnich in sprutsen taal en dat bringt

215 ús wer werom by it belang fan taal
foar identiteit. It probleem fan de
Berbers wie dat harren taal en dus
harren kultuer net serieus nommen
waard. Der wie gjin kulturele ûnt-
220 wikkeling; alle kultuer wie Frânsk of
Arabysk en it gefolch wie dat se in
hiel leech selsbyld hawwe, sels in
negatyf selsbyld. Yn Marokko fleane
de Berbers dêrom ûnder de radar
225 troch. As men no guon fan dy
jongens sjocht, hjir yn Nederlân, dan
dogge dy dat noch. Se ûntwikkelje
harren eigen kultuer net en geane
dus net út dy sterkte wei de dialoach
230 oan mei oaren, lykas Friezen yn
Fryslân dat dogge, mar omdat se in
negatyf identiteitsgefoel hawwe,
reagearje se dat ôf op oaren, troch
se te ferfolgjen. Under oare
235 homofilen en lesbiënneren binne dêr it
slachtoffer fan, mar dat mei men net
akseptearje.”

(8) “De homo-emansipaasje is noait
ôf. Dat is in misferstân. Wy libje yn in
heteroseksuele maatskippij. Wy sille
240 altyd, elke generaasje op ‘e nij, de
frijheid om sels sin te jaan oan it
libben befestigje moatte. Frijheid is
net eat dat men hat en dat dan net
mear befochten hoecht te wurden.
245 Itselde jildt foar emansipaasje. Mar
ek foar it Frysk. Al komt it Frysk yn
de Grûnwet, dêr’t ik hielendal achter-
stean, dêrmei is it fuortbestean fan
de Fryske kultuer net garandearre.
250 Men sil der krekt yn Fryslân foar
soargje moatte dat it belibjen fan de
Fryske kultuer troch de jongere
generaasje befoardere wurdt. Ik wurdt
255 oars echt kjel as ik om my hinne
sjoch hoe’n bytsje Fryske literatuer
lêzen wurdt. Wy sille dus ynvestearje
moatte yn identiteitsûntwikkeling,
elke generaasje op ‘e nij. Want
260 hieltyd wer is identiteit in kar.”

nei: Annelies van der Goot
yn: De Moanne, jiergong 10, nûmer 4, maaie 2011

Tekst 2

Theun de Vries en de myte fan de Fryske Wâlden

De histoarikus en Wâldman Kerst Huisman hâldt in lêzing foar it Theun de Vries-Genoatskip oer de histoaryske realiteit en de myten yn it klassike boek *Stiefmoeder Aarde*. It boek is in histoaryske roman oer de tiid fan de sosjale striid tusken arbeiders en bazen yn de Wâlden.

(1) Hat de skriuwer Theun de Vries mei syn Wilt Tjaarda-ferhalen en *Stiefmoeder Aarde* bydroegen ta de myte fan de Fryske Wâlden? Dy
5 fraach sil guon mooglik wat kâld op 'e lea falle. Wy koesterje ommers ús idee fan de Wâlden. Dochs is it goed jin dat ôf te freegjen, want it is ommers ûnderdiel fan it moderne tinken
10 om jins plak en dêrmei jins identiteit aloan wer op 'e nij te definiearjen, sadat men wit wêr't men stiet.

(2) It is it ferhaal fan bylden, dy't hieltyd wer wat ferskowe en dat is ek
15 mar goed. It idee oer identiteiten moat benammen net fiksearre wurde en ferstiivje. Krekt as soenen Friezen altyd neat oars dien hawwe as keatse, skûtsjesile, fierljeppe en
20 Alvestêdetochten ride. En Wâldlju net oars as sterke ferhalen fertelle, koart foar de kop wêze en mei in mes yn de bûse rinne.

(3) Theun de Vries is fansels in
25 Wâldman. Hy komt fan Feanwâlden. Dat seit eins al genôch, en in part fan syn geweldich oeuvre giet ek oer Feanwâlden. No falt it noch net ta om krekt te sizzen wat de Wâlden binne.
30 By dat 'wâlden' is faken tocht oan bosken, mar it is oannimlik dat earder oan in betsjutting 'rjochtsgebiet' tocht wurde moat.

(4) De Wâlden lykje yn de eagen fan
35 guon in hiel dúdlike identiteit te hawwen. Sa neamt Geert Mak yn syn foaropwurd by de Wilt Tjaarda-ferhalen Theun de Vries "typisch een kind van de Wouden, de ooit eenzame wereld van plaggenstekers, schippers, keuterboeren, veenarbeiders en ander los volk, vanouds meesters in de edele kunst van het sterke verhaal". Hy referearret oan
40 de folksferhalen, optekene troch Ype Poortinga: "Oude boerenknechten gebruikten soms termen die al eeuwen geleden verdwenen waren. Wodan en andere Germaanse goden
50 bleken in vreemde vormen voortgeleefd te hebben." Moai sein fansels, mar is dat sa? Ik haw altyd miend dat skippers en turfgravers foaral masters wienen yn de wat
55 minder eale keunst fan it flokken, mar ik kin de fertellers fan sterke ferhalen misrûn wêze. Mar dan noch: Jurjen van der Kooi hat yn in wittenskiplik ûndersyk oantoand dat al dy sa-
60 neamde oerâlde eleminten yn de folksferhalen eins pas datearje út hiel resinte tiid, in pear generaasjes lyn.

(5) As der by Theun de Vries sprutsen wurde kin fan in bydrage ta
65 de myte fan de Fryske Wâlden, is it wol yn *Stiefmoeder Aarde*. Ik doar

dat sa te stellen, omdat it by my sa wurke hat, yn 1960 en 1961. Yn dy tiid lies ik *Stiefmoeder Aarde* foar it earst. It boek makke in fassinerejende yndruk op my. Dat wie foaral tink ik, omdat dy nearzige wrâld fan de Wâlden, dy't ik sa goed koe, yn formidabele, ja hast magyske bylden skildere waard. En as wie dat noch net genôch, ûntduts ik yn dy tiid ek Ferdinand Domela Nieuwenhuis. Dat kaam troch de útstalling oer Domela op De Gordyk. Dy hie earst yn Amsterdam te sjen west. As iennich plak bûten de Nederlânske haadstêd wie de útstalling dêrnei op De Gordyk te sjen, yn de Wâlden sels dus. Allinnich dat feit al droech nei *Stiefmoeder Aarde* by oan de útbou fan myn identiteit as Wâldsjer.

(6) Ik wit fansels wol, Domela hie ek minder sympatike kanten. Mar it witten dat ik opgroeid wie yn in gebiet, it eardere kiesdistrikt Skoatterlân, dat him ienris as earste sosjalist ôffurdige hie nei it doe noch werklik keninklike Haachske parlemint, makke my einleas grutsk. En it witten dat der sokssawat as in spesifike Wâldhoeke mei in eigen útstrieling bestiet, hat him troch dy kombinaasje fan dingen, *Stiefmoeder Aarde* en de Domela-útsalling, foar de rest fan myn libben yn myn geast fêstset.

(7) Der komt noch in faset by, dat ik destiids wolris as wat pynlik beskôge haw, en dêr't ik somtiden hast in skuldgefoel oer hie. Sûnder mis wie *Stiefmoeder Aarde*, dat de klasse-tsjinstellingen yn de feanterij yn sokke helder kontrastearjende kleuren skildere hie, dêr debet oan. Ik hie ûnder myn foarfaars fan heitekant ek in pear feanbazen.

(8) Ut al dy dingen kaam wol de driuw wei om noris krekt te ûndersykjen hoe't it west hie. Dat ûndersyk

is yn 1981 publisearre ûnder de titel *Opstand in de turf*. Ik haw troch dat ûndersyk wol leard om guon dingen wat te relativearjen. Tusken dy feanbazen, dy't yn *Stiefmoeder Aarde* noch sawat as in monolithysk blok fan minne en strieminne kapitalisten nei foaren komme, sieten ek lju dy't oan de kant fan de fean-stakers stienen en dy't each yn each mei skerp bewapene soldaten har lân beskikber stelden foar de stakers, doe't de boargemaster it hâlden fan in appèl ferbea.

(9) Mar in roman is fansels noait in histoarysk wurk. Dêr sitte altyd fertekeningen en anagronismen yn; as de skriuwer him krekt hâlde soe oan de histoaryske feiten, dan soe er folle mear problemen hawwe mei it skriuwen fan in sublym ferhaal, dat *Stiefmoeder Aarde* sûnder twivel is. Men moat dat der ek net yn sykje wolle. Mar dochs docht men dat, lykas ik dat ek die doe't ik mei it ûndersyk foar *Opstand in de Turf* dwaande wie. Der sitte dingen yn dy't der yn 1890 net wienen, lykas de tsjerketoer fan Lúkswâld (dy is al yn de midsieuwen ferdwûn) en de skoalle fan de Ulesprong, dy't der pas kaam yn 1903, en der sitte ek anagronismen yn. Nim no Karel Zwets, dy't neffens *Stiefmoeder Aarde* al foar 1880 út Hollân wei nei Fryslân ta kaam en mei syn maat Jarig Wiarda fia braakhokken en de heide yn de turf-makkerij bedarre. Yn werklikheid wie dat Adrianus van Emmenes, de man dy't troch de kommissaris fan de kening Van Harinxma thoe Slooten 'de vreemdeling uit Holland' neamd waard. Mar dy kaam pas mei de grutte stakingsbeweging yn april 1888 nei Fryslân ta. Mar myn ûndersyk hat boppedat dúdlik makke

dat dy feanstakingen dochs in
behoarlik organisearre karakter hân
hawwe, en dat de arbeiders wol
deeglik wisten wannear't stakingen in
165 sukses opleverje koenen en wannear
net.

(10) Guon sille dat neiplúzjen net sa
wurdearje, respektivelik folslein
sinleas fine. Mar ik wol mei ien foar-
170 byld oantoane dat sok útplúzjen wol
deeglik syn nut foar minsken fan no
hawwe kin. In wichtige rol yn it
stakingsferhaal fan 1890 yn
Stiefmoeder Aarde wurdt spile troch
175 de appèlmaster Fonger de Vos.
Uteinlik docht bliken dat Fonger it
byltsje der leaver by delgoaie wol.
Stakers ûntdekke dan dat er in pear
gloednije learzens oan hat. It is
180 dúdlik: hy is omkocht troch de bazen.
Yn *Stiefmoeder Aarde* stiet: "Fonger
de Vos is op een nacht met pak en
zak vertrokken uit de polder en
niemand weet waarheen." Fonger de
185 Vos is dúdlik ek in romanfiguer. Der
is my gjin stakingslieder út de
Tynster of Beetster feanterijen
bekend dy't troch de bazen omkocht
wêze soe en op sa'n opsichtige wize
190 troch de arbeiders ûntmaskere.

(11) Hoe sterk oft de útwurking fan
Stiefmoeder Aarde west hat, die my
bliken yn 1978, doe't ik foar myn
boek socht om in foto fan Wiebe
195 Hankel. Ut de wiidweidige ferslach-
jouwing yn de Hepkema-krante fan
dy spannende maaiedagen yn 1890
kaam de bekende appèlmaster fan
Beets nei foaren. Hankel kaam fan
200 Noardwâlde, dus ik gyng op syk by
minsken mei deselde namme yn dat
doarp. Ik kaam by in heit en soan
Hankel en ik lei út wat ik socht. Se
reagearren der suver wat ôfwizend
205 op, want dy Wiebe Hankel hie des-
tiids dochs de saak ferret? Ik wist
oars net as dat Wiebe nei 1890 noch
jierrenlang in foaroanman west hie yn
de arbeidersstriid, en dat hie per-
foarst net sa west as er him yn 1890
210 omkeapje litten hie. Ik frege oan
beiden hoe't se dêrby kamen. Se
seinen doe: "Mar dat stiet ommers yn
Stiefmoeder Aarde!" Ik haw se doe
215 dúdlik makke dat Fonger de Vos in
optochte romanfiguer wie en wiswier
net Wiebe Hankel.

(12) *Stiefmoeder Aarde* in bydrage ta
de myte fan de Fryske Wâlden?
220 Sûnder mis, en it is ek noch in juwiel
fan in bydrage.

nei: Kerst Huisman

yn: De Moanne, jiergong 10, nûmer 2, febrewaris 2011

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen. Het College voor Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.